

Skûtsjespeure yn Suriname: Hilda Talsma skriuwt earste jeugdboek

Skriuwster Hilda Talsma (1971) fan Warten brocht de ôfrûne jierren de iene roman nei de oare út, lykas de trije boeken fan de saneamde *Wyn-rige*, dêr't it skûtsjesilen in rol yn spilet. Mei *Slangen ûnder it bêd* bringt sy foar it earst in jeugdboek út.

.....
Arjan Hut
.....

Warten | In lêzer kaam mei in idee foar it ferhaal. „Henk de Vries út Ljouwert hat kontakt mei my opnommen. Hy hie myn *Wyn*-boeken lêzen en rûn sels ek om mei in idee foar in boek. Wý ha ris mei mekoar ôfpraat om te sjen oft it wat wie, oft ik dat boek skriuwe woe. It bart wol faker dat minsken mei in útstel komme en oft ik dat dan skriuwe wol. Meastentiids giet it dan om harren libbensferhaal, mar dit wie oars. In ferhaal oer in skûtsje dat fûn wurdt yn Suriname. Ik fûn it nijsgjirrich. Sa ha wy meinoar praat en hawwe wy nei Amsterdam west om dêr lokaasjes te besjen. Henk hat eartiids yn Amsterdam wurke en wie dêr goed bekend.”

De haadpersoan is Marte, in famke fan sechstjin dat op de middelbere skoalle sit. Sy hâldt net sa fan de drokte fan in stêd en fielt har bliid op 'e romte. Liket sy op Hilda sels? „Sa'n drokke, propfolle kroech mei lûde muzyk, dat fleach my ek wol oan, al mocht ik graach alle sneonen op stap.”

Wie it altyd al de bedoeling dat it in jeugdboek wurde soe? „Ik lit it fan myn personaazjes ôfhingje watfoar soart boek oft it wurdt. Marte is in famke dat wat op harsels is en foar it earst fereale wurdt. Foar my wie it

skriuwen foar in jongere doelgroep net hiel oars as oars. Al is de tiid fan myn jeugd grif net itselde as dy fan de jongerein no. Allinne al de sosjale media meitsje it hiel oars. Mar de earste reaksjes binne wol goed. Myn dochter hat it lêzen en fûn it in leuk boek en in buorfamke fan in jier as tolve hat it al twa kear út!”

Azem

Hilarysk en werkenber is de beskriuwring fan de azem fan de learares dy't mei giet op ekskurzje nei Amsterdam. „Ik ha in soad staaasje rûn en learlingen kleiden gauris oer de stjonkende azem fan smokende en kofjedorinkende dosinten. Myn eigen bern kleie der ek wol oer, mar hoe seist soks op in fatsoenlike manier tsjin de learkrêft? Of hâldst dy better stil? Ik hearde in learling ris soks sizzen as ‘it rûkt as in deade ko dy’t krekt kofjedorinken hat’.”

Yn Amsterdam docht in jonge ghh yn it drinken fan Marte. „It skûtsjesilen spilet in rol, mar is de oanlieding foar in hiel soad aventueren. Sawol Henk syn dochter as myn dochter ha bygelyks itselde meimakke as haadpersoan Marte, dat immen temûk ghh yn it drinken die. By myn dochter barde dat in pear jier lyn yn Boalsert en Henk syn dochter oerkaam it yn Ljouwert. Beide kearen wie it mar goed dat se net allinne wiene, mar ûnder freonen, minsken dy't op har pasten.”



Skriuwster Hilda Talsma hat har earste jeugdboek skreaun. Foto: Marchije Andringa

Klasgenoat Rienk moat Marte rêde fan har belagers en beide wurde dan opfongen troch Justine, dy't út Suriname komt. Op in foto by Justine sjocht Rienk ta syn fernuvering in ‘Pipster skûtsje’, in skip boud op de Piiip yn Drachten. Is dy fynst op wiere feiten basearre? „It is in betocht ferhaal, al dûke der hjir en dêr noch wolris skûtsjes op yn it echt. Mar as der in Suiname in echte Pipster lein hie, dan wie de hiele float dêr hinne gien!”

Sfear priuwen

Rienk en Marte reizgje mei harren heiten nei Suriname op syk nei it skûtsje. De skriuwster hat sels ek nei Suriname west om de sfear te priu-

wen. „Earst soe ik my mei Google Earth rêde, wat boeken besjen. Myn man sei lykwols, kom, wy geane ge-woan hinne. It hoegde om my net sa duorre tsien oeren, dy wiene samar foarby. Wat my it meast opfoel wie it grutte ferskaat. It is in lân fan utersten, dêr't echt libbe wurdt. De meast kreaaze hûzen en de suterichste klinten steane kriskras trochme-koar. Bern boartsje njonken drokke, gaotske diken. It tilt dêr op fan de slangen en grutte spinnen, mar gjin Surinamer dy't him dêr drok oer moai. De minsken libje yn en mei de natuer. Dochs dumpt men dêr ek al-les mar del, oant âlde koelkasten ta.”

„Oft ik noch mear jeugdboeken skriuww, hinget fan de reaksjes ôf. Ik ha krekt twa boeken sawat tagelyk skreaun, dat miskien nim ik wol in jier frij fan it skriuwen. Al ha ik ek wol wer in idee foar in nij boek. En Henk sei, ‘ik ha al in diel twa en trije yn de holle!’”

► Slangen ûnder it bêd, Hilda Talsma, útjouwer: Elikser, yn 'e boekchannel te keap

